

# Alvestêdetocht

útbrocht op de LP/CD Húske

kearsang: sille wy't no beleve, it friest net om'e nocht Bb F G7 C7  
it moat no mar ris heve: de alvestêdetocht F F7 Bb F C7 F

wy sette al út ein, moarns om in oer' as seis F Eb Bb C7  
mei kranten yn it krús en in reep foar ûnderweis F7 Bb G7 C7  
wy ride fuort yn't tsjuster en nei in minút as acht F Eb Bb C7  
bin wy it paad al bjuster want it is noch neare nacht F7 Bb F C7 F

ik moat sa nedich pisje, al tusken Ljouwert en Snits  
mar ik sit fergees te prutsen oan myn beferzen rits  
dan lit ik it mar rinne, al fyn ik dat wol fiis  
sa kom ik dus yn Snits oan mei de boksen stiif fol iis

de foarman fan ús ploechje dy stroffelt yn in skuor  
en foardatst flokke kinst leist allegearre oer elkoar  
de iene op 'e oare, o, jonges dat giet need  
Piter raast fan foaren: gean mei dy redens út myn reet!

as ik yn Starum oankom, fal ik dea del op in bank  
dan komt de earste help mei waarme woarst en sterke drank  
en neist my hinget Evert, mei pleisters oan elkoar  
total loss: ferûngelokke oer sa'n potsje nûtsjesmoar!

en oeral dêr't wy komme dêr is it karnaval  
mei bier en frikandellen en Blauhúster Dakkapel  
wol hûnderttûzen minsken dy roppe fan : olé  
it bloed stiet yn myn redens, mar ik fiel my wer oké

mar op dy lange Blikfeart is it iis ôfgryslík min  
't is mear stroffeljen as riden en 'k sjoch net mear wêr't ik bin  
de man komt mei syn hammer en ik krij in bêste tik  
en net inkeld mear dy feart, mar ek myn kont is no fan blik!

fan Bartlehiem nei Dokkum, dat is ek sa'n gegriem  
want as't dêr einlings bist, kinst fuort werom nei Bartlehiem  
dêr stean se op de brêge mei toeters en mei bier  
wy stowe ûnder harren troch en fiele bier yn't hier

'k bin wurch oant yn myn bonken, mar as ik de Bonke sjoch  
begjint myn hert te bonken en ik streekje dapper troch  
as ik dit helje wurdt ik de held aanst by ús thús  
mar ik fiel de pine skuorren troch myn alvestêdekrús!

by de ein stean hiele kloften, ik wurdt suver eigenwiis  
en mei myn lêste krêften sleep ik my oer it iis  
mar 'k bin ien minút te let: no is alles om 'e nocht!  
hoe krij se't yn 'e harsens sa'n alvestêdetocht!